ChristenUnie

MOASJE

Wurklistpunt: M-6-1

Underwerp: Taakstellingen enerzjytransysje net fan boppe-ôf

De ried van de gemeente Tytsjerksteradiel yn gearkomste byinoar op 10 juny 2021

Ropt it kolleezje op:
- yn oparbeidzjen mei de Fryske gemeenten (VFG), de provinsje Fryslân en Wetterskip Fryslân, der alles oan te dwaan om taakstellingen fan it ryksregear op it mêd fan de enerzjystratezjy foar te kommen.

En draacht de griffy op om:
- dizze moasje en de stimútslach oangeande dizze moasje,troch te stjoeren nei de provinsje Fryslân (GS & PS), Wetterskip Fryslân en de oare 17 Fryske gemeenten.

En giet oer ta de oarder fan de dei.

Taljochting

Konstatearjende dat:
- de provinsje Fryslân, 18 Fryske gemeenten en Wetterskip Fryslân harren ambysjes op it mêd fan duorsume enerzjy (o.m. 2030), fêstlein hawwe yn de konsept RES 1.0 Fryslân;
- de mienskiplike doelen basearre binne op eigen ambysjes sûnder twang fan boppe-ôf, bygelyks troch taakstellingen fan it ryksregear as fan de EU út.

Sprekt út dat:
- taakstellingen fan boppe-ôf, boppe op de eigen Fryske ambysjes, absolút ûnakseptabel binne en funest foar it draachflak foar de enerzjytransysje.

FNP-Tytsjerksteradiel, dhr. F. de Haan

ChristenUnie-Tytsjerksteradiel, dhr. D. Hooijenga

Stimming
Foar : 14
Tsjin : 9

Oannommen / ~~Fersmiten~~ / ~~Ynlutsen~~

De riedsgriffier De riedsfoarsitter